




WURDSNACK

Ik ha in **TALEKNOBBEL**
in hiele grutte bobbel
dêr sitte in bulte **TALEN** yn
Ingelsk, Frânsk, Dútsk en Latyn

Nederlânsk en Frysk foar letter
en myn **Spaansk** wurdt ek al better
al dy talen yn de **HOLLE**
soesto ek sa'n knobbel wolle?

Nim dan nei **SKOALLE** eltse dei
bôle mei **MEARTALEN** mei
ien mei **cheese** en ien mei **ham**
in **croissant** of **bun** mei sjem



En ast dy knobbel hiel gau wolst
in **ciabatta** mei **rauwkost**
MOARNS in bakje **Ostfriezentee**
middeis **LEKKER** oan de **Earl Grey**

Mei in **biscuit** of **piece of cake**
yt ien kear **WYKS** **pomme frites** mei **steak**
paella of **basmatirys**
lasagna, **schnitzel** en in **quiche**



Nim ek noch in **FRYSKE** **snack**
in stikje **koeke**, net sa gek
it is hiel **simpel** en gewoan
no lekker ite en **OANT MOARN !**

O tink derom, I almost forgot
sa'n talebult giet **NOAIT WER FUORT**